

Formulier om de kristlike doop te betsjinjen oan de bern fan de leauwenden (1)

Gemeente fan ús Hear Jezus Kristus,

Oer de doop

By de doop wurdst alhiel ûnder dompele yn wetter of dermei besprinkele. Sa is te sjen datst yn de eagen fan God smoarch biste, datst ûnder de sûnde sitst. Do bist al skuldich ast berne wurdst, “sûndich wiest al, doe’t dyn mem swier fan dy waard”¹.

Sa kin God dy net akseptearje.

Do kinst syn keninkryk allinne mar yngean ast op ’en nij berne wurdst² en in nij libben krigest.

De doop wol dy dus beseffe litte hoe’n ferkeardeling datst biste.

Dan kinst allinne noch mar lytsman wurde foar God, want do kinst dysels net rêde.

Allinnich Jezus Kristus kin dat, troch dyn smoargens skjin te waskjen en troch dy in nij libben te jaan³.

De doop is in teken en segel dat Jezus Kristus dy yndied skjin waskje wol⁴.

Hysels hat ommers de opdracht jûn om te dopen yn de namme fan de Heit en de Soan en de Hillige Geast⁵.

Troch dyn doop jout God *de Heit* de garânsje dat Hy in ivich genedeverbûn mei dy slút⁶. Hy nimt dy oan as syn bern en erfgenamt⁷. Hy sil altyd foar dy soargje⁸. It kwea hâldt Er fan dy wei of Hy lit it meihelpe te’n goeden⁹.

De Soan jout de garânsje dat Er al dyn sûnden fan dy weinimt. Hy lit dy folslein diele yn syn dea en opstanning en Hy jout dy in nij libben.

¹ Ps. 51:7.

² Ezech. 36:25-27; Joh.3:3.

³ Hand. 4:12.

⁴ 1 Kor. 6:11; Hand. 22:16.

⁵ Mat. 28:19.

⁶ Gen. 17:1,2,7.

⁷ Rom. 8:15-17.

⁸ Mat. 6:25-33.

⁹ Rom. 8:28.

Hy jout dy ek syn eigen folsleine suverens. Hy soarget derfoar dat God dy frijsprekt¹⁰.

De Hillige Geast garandearret dy, dat Er by dy ynwenjen komt¹¹. Hy makket dy ien mei Kristus. Hy makket watst al yn Kristus hast, ta dyn persoanlik eigendom¹². Dêrtroch silst ienris folslein suver wêze.

Dan silst ivich libje yn it fermidden fan it folk, dat God útkard hat.

Do, fan dyn kant¹³, hast no de plicht om sa om Gods sizzen te jaan as it heart by it nije libben. Do moast leauwe yn de iene God – Heit, Soan en Hillige Geast – en Him “leafhawwe mei dyn hiele hert, mei dyn hiele siele, mei dyn hiele ferstân en mei al dyn macht”¹⁴. Do moastst brekke mei de wrâld fan de sûnde, ôfstjerre litte wat sûndich yn dy is en do moastst fol ûntsach foar God libje¹⁵. En ast út swakte feralst ta sûnde, dan hoechst dochs net oan de genede fan God te twifeljen¹⁶. Do hoechst dy der ek net by del te lizzen datst no ien kear sûndich biste. Dyn doop is ommers de garânsje dat God foar ivich in ferbûn mei dy sletten hat¹⁷.

Oer de bernedoop

Fansels begripe lytse bern hjir neat fan. Mar dochs is dat gjin reden om harren mar net te dopen. Want likemin at se it benul hawwe dat se as neiteam fan Adam it oardiel fan God fertsjinje, begripe se dat God harren om Kristus as syn bern oannimt. Wat God oan Abraham ûnthjitten hat, jildt nammentlik ek noch hieltiten foar ús en ús bern: “Ik gean myn ferbûn oan tusken My en dy en dyn neiteam, it iene geslacht nei it oare, in ivich ferbûn, dat Ik de God fan dy en fan dyn neiteam wêze sil”¹⁸.

Dy belofte út it Alde Testamint komt werom yn it Nije Testamint, want de apostel Petrus seit itselde mei de wurden: “Want foar jimme is de belofte en

¹⁰ Hann. 2:38; 1Joh. 1:7; Rom. 6:4; Kol. 2:12.

¹¹ 1 Kor. 6:19.

¹² Ef. 1:13.

¹³ Gen. 17:1,9.

¹⁴ Deut. 6:5; Mat. 22:37.

¹⁵ Ps. 103:17,18; Ef. 4:17-5:12; Kol. 3:5-10.

¹⁶ 1 Joh. 1:9; 3:20.

¹⁷ Jes. 54:10; 2 Tim. 2:19.

¹⁸ Gen. 17:7.

foar jimme bern en foar allegearre dy't om fierrens binne, safolle as de Hear ús God der mar by ropt¹⁹”.

Om dy reden hat God Abraham opdroegen om syn neiteam te besnijen²⁰. De besnijenis wie yn de tiid fan it âlde ferbûn in besegeling en teken dat God dy frijsprekke wol²¹.

En fierders, Kristus sels “sloech de earms om ‘e bern hinne en lei harren segenjend de hannen op”²².

De bern fan leauwenden hearre der dus alhiel by²³. Se binne erfgenamten fan Gods ryk en diele yn syn ferbûn.

Dêrom moatte se doopt wurde, want yn it nije ferbûn is de doop yn it plak kaam fan de besnijenis²⁴. De âlders moatte harren bern, wannear't se opgroeie, útlizze wat it betsjut om doopt te wêzen²⁵.

Gebed foar de doop

Lit ús no bidde, om sa ta de eare fan God, ta it fersterkjen fan ús leauwe en ta de opbou fan de gemeente de doop te betsjinjen.

Almachtige, ivige God. Jo hawwe as in rjochtfeardige rjochter de ûnleauwige wrâld ienris straft troch de sûndfloed. Mar Noach en syn húshâlding hawwe Jo yn jo grutte barmhertigens rêden. It hiele leger fan de stiifkoppige farao fan Egypte hawwe Jo omkomme litten yn de Reidsee, mar Jo hawwe yn jo barmhertigens jo folk Israël troch dyselde see, as oer droech lân gean litten. Yn beide foarfallen hawwe Jo doe al wat fan de doop sjen litten²⁶.

Wy bidde Jo, barmhertich as Jo binne, N.N. genedich te wêzen. Meitsje dit bern fan Jo troch jo Hillige Geast ien mei Jezus Kristus. Lit him/har troch de doop yn Kristus' dea begroeven wêze en mei Him opstean yn in nij libben. Lit

¹⁹ Hann.2:39.

²⁰ Gen. 17:10-13.

²¹ Rom. 4:11.

²² Mark. 10:14-16.

²³ 1 Kor. 7:14b.

²⁴ Kol. 2:11,12.

²⁵ Deut. 6:6,7; 2 Tim. 3:15.

²⁶ 1 Petr. 3:21; 1 Kor. 10:2.

him/har eltse dei fol goede moed syn/har krús drage, Kristus efternei, oan Him ferbûn mei in wier leauwe, fêste hope en in brânende leafde. Jou dat hy/sy ienris, wis fan jo beloften, dit libben ferlitte sil en frijmoedich ferskine sil foar Jezus Kristus, syn/har rjochter en rêder. Ferhear ús om Jezus Kristus, jo Soan, dy't mei Jo en de Hillige Geast, ien ienich God, libbet en regearret oant yn ivichheid. Amen.

Fragen oan de doopâlders

Leave broer en suster yn Jezus Kristus, ús Hear. Wy moatte yn it leauwe de doop hawwe wolle en net âldergewoante of foar de foarm.

Dêrom freegje ik jimme om earlik antwurd te jaan op de folgjende fragen:

Jouwe jimme ta dat N.N. sûndich en skuldich te wrâld kommen is en dêrom oan alderlei ellinde en sels oan it ivich oardiel ûnderwurpen is, en dat hy/sy dochs yn Kristus foar God hillich is en dêrom as lid fan syn gemeente doopt heard te wêzen?

Belide jimme dat de leare fan it Alde en Nije Testamint, lykas dy yn de Apostoalyske belidenis fan it leauwe gearfette is en yn dizze gemeente ferkundige wurdt, de wiere en folsleine lear fan de ferlossinge is?

Belove jimme dat jimme jim soan/dochter foargean sille yn in kristlike manier fan libjen en dat jimme him/har sa goed as mooglik ûnderwize sille en ûnderwize litte om him/har begripe te learen wat it betsjut dat er/sy doopt is?

Heit en Mem, wat is op dizze fragen jimme antwurd? (*Ja*)

Betsjinning fan de doop

N.N. (*folsleine namme*), ik doopje dy yn de namme fan de Heit en de Soan en de Hillige Geast.

Oprop oan de gemeente

Leave broers en susters, ûntfang as gemeente dit bern mei leafde yn jimme fermidden. Wit dat jimme roppen binne om dizze âlders te stypjen troch jimme foarbea en jimme foarbyld.

Wannear't dat nedich en mooglik is, moatte jimme ree wêze om yn 'e praktyk deroan mei te helpen dat dit bern groeit yn it leauwe, de genede en it kennen fan ús Hear Jezus Kristus. Want, "Wy allegearrebinne ommers sa yn ien Geast doopt, dat wy binne ien lichem"²⁷.

Mei de Hear ús, troch syn Geast, hjirby helpe.

Tankgebed

Barmhertige God en Heit, tankber priizgje wy Jo, want Jo ferjouwe ús en ús bern al ús sûnden. Jo hawwe ús as leden fan jo Soan en sa as jo bern oannaam. Yn 'e namme fan Jezus bidde wy foar N.N.: Lied him/har altyd troch jo Geast. Lit him/har neffens jo wurd grutbrocht wurde en lit him/har yn Kristus geastlike groeie.

Dan sil er/sy jo goedens en barmhertigens erkenne en dêrfan tsjûgje. Lit him/har hearrich ús ienige learaar, kening en hegepreester, Jezus Kristus folgje. Dan sil er/sy moedich stride tsjin 'e sûnde, de duvel en syn hiele ryk. Jou him/har de oerwinning, dat er/sy sadwaande Jo, de ienichste en betroubere God – Heit, Soan en Hillige Geast – ivich loovje sil.

Amen.

²⁷ 1 Kor. 12:13.